

Yn dy oarlochsjierrren hienen ek de winkellju sa har problemen. Ien kear yn'e wike kamen der wer nije bonnen út; meastentiids woandeis waarden de bonnen bekend makke. Tongersdeis krigen je dan de tarin. Trije dagen hienen je einlik mar in fatsoenlike winkelloop, dernei hienen de lju gjin bonnen mear en dan wie't wer dien. Men koe einlik oars neat krije as op bonnen. De slaadoalje krigen wy los thús, yn molkbus-sen. Wy moasten it dan sels útmjitte. Wat wie dat in fet gegriem. Ek de jam krigen wy yn houtene kistkes, dat moasten je ek allegearre útskeppe. De lju namen dan potten en flessen mei, dy't dan earst mei polkewetter skjinmakke waarden. Dat wie in hiel krewel. Griene sjippe, polke, sûker, ja alles wie los. Dat kin je je hjoed de dei net mear yntinke. Alles wat bygelyks mei jern út te stean hie wie ek net te krijen. De lju spûnen thús wol wat fansels. Inkeld mar kaam der wat jern frij, dat dan op tekstylbonnen te keap wie. Klompen wienen der ek hast net te krijen. Kamen der dan wer wat los, dan tochten je: no is dy en dan dy wer ris oan bar foar in pear. Wy hâlden in list oan. Dochs hienen je noch gauris rûzje as de iene al en de oare net in pear klompen krige. Mei de maten kaam it net sa krekt. Je moatte tinke, hienen je maat 28, dan koe maat 30 ek. As je mar wat oan'e fuotten hienen. As winkellju wisten je meastal ek gau as der immen yn ferwachting wie. Dy krige dan ekstra bonnen foar iten. Dat dan wie de moard gau út. Je hienen doe ek minne betellers. Sa wie der in N.S.B.-er, wer't ik hinne moast te moanjen. No nee, der wienen gjin sinten, wol allegearre ditten en datten, dat doe waard ik op it lêst duvelsk. Ik sei: "Dan moast mar sjen datst wat út de "Winterhulp" krigest, der kollektearrest ommers ek foar". Dat hiet net bêst. Fuort dernei kaam hy by ús. Ik moast myn wurden wer ynluke, oars soe hy't oanjaan. Us heit hat him doe it leksum opsein. As hy it hart yn'e hûd hie om dat te dwaan, dan wie der noch net klear mei him. Gelokkich is der neat fan kommen. Mar se koenen je sa altyd driigje. Us heit is yn'e lêste oarlochswinter oan diftery stoarn. Doe moast mem mei ús as bern de saak draaiende hâlde. Wy wienen mei ús seizen as bern, in ynwenjende feint, in ûnderdûker en de lêste winter ek noch twa evakuees. It wie gâns in húshâlding, je koenen de waskmasine ek net efkes oansette. Bôle bakten wy sels op in "duveltsje". Der waard ek mar ien fertrek ferwaarme, wêr't wy dan mei-elkoar yn om húsmannen.

Ferljochting hienen wy ek hast net, it hat in hiel skoft west, dat der gjin stroom levere waard.

Somtiden hienen wy al yllegaal in bytsje stroom, mar dat waard sporadysk brûkt. Jûns moast dan de boel goed fertsjustere wurde en kaam der dan al ris ien by de doar, dan draaiden wy gau in kâlde pit yn'e fitting. Want somtiden fielden se oan'e pitten as je ek stroom brûkten. Immen fan it P.E.B. út Ferwert hie de meter sadanich behannele, dat dy net draaide en dus ek net telde. (1)

Mar de frijheid, dy't wy misten, dat wie it alderslimste. It wie sa'n eangstige tiid. Benammen ek om't ús heit wat by de ûndergrûnse siet. Wy as âldste fammen wisten derfan. Wy moasten ek krantsjes der by lâns bringe. Ik leau, dat se hieten "Nederland herrijst". No en dan waard der razzia hâlden, dat wie ferskrikelyk. Op in moarn ier en betiid waard alles hjir yn it doarp ôfset; doe kamen de jonges hjir de buorren op, de hannen omheech en de Dútsers der achteroan mei de gewearen. Soks wie net sa bêst, lokkich binne de measten wer weromkommen. Nei de maaie-staking binne der ek in man as tsien oppakt wurden, dy't al rillegau wer frijkamen. Wol hawwe se fuort dernei master Kingma, haad fan'e Grifformearde skoalle, oppakt. Dizze man waard eins as in gizeler brûkt. Soe hjir te Marrum wat barre, dan moast hy der foar bliede. Dat hat it doarp ek wol sa begrepen, de buerten stjoerden him bar om bar pakketten mei iten.

Sa hat de man - sûnder dat hy fergetten waard troch it doarp - yn Vught finzen sitten. Uteinlik is hy dochs wer frijkommen.

Sa hawwe dy manlju út'e pastorij ek dûmny Cazemier oppakt. Dat fûnen wy allegearre slim. Hy wie in goede man en waard yn't hiele doarp tige achte. Sa as dy Dútsers him fan hûs weihellen, dat wie aaklik. De man soe syn frou noch in tút jaan doe't hy by de stoepe del gie, mar se sloegen him gewoan yn syn gesicht. Dat gie ús dwêrstroch alles hinne. Doe't wy it thús fertelden, sei ús heit: "No sjogge jimme it ris goed dat wy dy kringen noch mear hate moatte as wy al dogge". Sa binne der op in sneintomoarn ek jonges út'e Hallumer tsjerke weihelle en nei de pastorij yn Marrum brocht. Yn dy tiid wie it wênst dat wy sa it ein fan'e fabryk nei de brêge ta hinne en werom kuierden. Dat wie sa sneintejûns it loopke. Dyselde sneins kaam der in âld man by de pastorij om syn soan wat klean te bringen. Hy bûgde al foar it paadsje om mar sa netsjes mooglik te freegjen oft hy asjebileaft mei syn jonge prate mocht.

Der rûnen doe ek in pear, dy't heulden mei de Dútsers en dy moasten sa om dy man gnize. Soks griisde jen oan. Sokke lju binne letter wol straft wurden, mar ik leau net genôch as je sjogge wat se dy âld stumper oandienen.

Ja, ús frijheid, wat dat wurdich is, dat kinne in protte fan de jongerein har no net mear begripe. Mar wy ferjitte it nea.

De sneins, doe't de Dútsers hjir út de pastorij weigienen, stienen wy al ris om't hoekje te sjen, dêr yn'e Tipelsteech. Der waard doe al sein dat se fuort wienen en guon minsken hienen de flagge al út.

Mar der waard ek sein: "Minsken, wês foarsichtich, as se ris weromkomme".

De sneintomoarns, nei ôfrin fan de tsjerketsjinst waard it Wilhelmus ynset. Dat wie foar it earst sûnt jierren. Dat hat och sa'n yndruk op ús makke.

- (1) Soksoarte P.E.B. hannelingen soe mannichien hjoed de dei ek noch wol wurdearje, tinkt my.